

Bijlage VMBO-GL en TL
2015

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

It stokje is oernommen

Adriaan Inia (49) wie as assistint-skiedsrjochter noch net 'ôfflagge', doe't soan Patrick (20) al út de startblokken sketten wie. Twa libbens oan 'e sydline, yn Gytsjerk.

(1) De betûfte Adriaan Inia flagge ferneamde fuotballers as Messi, Ronaldo, Huntelaar en Van Nistelrooy werom foar bûtenspul of
5 liet se krekt trochgean. Dat is in dreech beslút dy't yn in fraksje fan in tel nommen wurde moat. Mar wat syn soan Patrick ôfrûne moanne oerkaam by syn debút as jongste assistint-skiedsrjochter ea yn it betelle
10 fuotbal... Okee, Excelsior-Dordrecht is gjin EK-wedstriid Eastenryk-Kroatië, mar ûnferjitlik wie it wol. "Alles derop en deroan. In reade
15 kaart mei in strafskop as gefolch. Slotminút, Excelsior stie 2 - 3 efter", fertelt Patrick Inia. "Harren keeper Jordy Deckers gie mei nei foaren. "Keeper mei", sei ik fia myn ferbining
20 mei de skiedsrjochter en noch gjin tweintich tellen letter knalt Deckers de bal deryn. In bjusterbaarlike wedstriid."

(2) De fjirdejiers studint oan it Cios
25 hat der ûnderwilens twa duels opsitten yn de Jupiler-league. De earste stappen yn de fuotspoaren fan syn heit hat er dus set. Oft it krekt sa kresjendo gean sil, is fansels noch de
30 fraach, mar de ambysjes binne yn alle gefallen sûn. "Ik wol besykje om in WK te heljen. Hokker jier? Hm, 2026 miskien. Ik haw it noch wol oan tiid." Dy doelstelling is net op
35 driuwsân basearre, fynt Adriaan, dy't achttjin jier wurke yn it betelle fuotbal. "Patrick is goed, hy bliuwt rêstich en lit him de kop net gek

meitsje. En as it ris in kear net nei
40 winsk gien is, is er der siik fan." Adriaan laket. "It flagjen sit der gewoan yn."

(3) Dat sil grif sa wêze, mar wat besielet in teener om op te hâlden
45 mei fuotbaljen en him te stoarten op it grinsrjochterjen? Op it (hûne)baantsje by de line lâns, wêrby't minsken altyd krytyk hawwe. Patrick: "Ik mis it fuotbaljen sa no en
50 dan wol, mar it wie in bewuste kar. Sûnt ik ús heit op 'e televyzje dwaande seach, tocht ik: dát wol ik ek. Hy hat my ynspirearre. As dan bliken docht dat it aardich giet,
55 rekkest allinnich mar mear motivearre. Ik fyn it geweldich."

(4) Lykje se opinoar? Ja, klinkt it út twa mûlen. Junior, dy't syn earste kursus fan heit krige: "Ik hear it
60 regelmjittich, wy rinne op deselde wize." Senior: "We dogge alles krekt itselde, hawwe itselde karakter. Ik haw ek nea wat tsjin him sizze hoegd. En as er moarn ophâlde wol,
65 moat er dat hielendal sels witte."

(5) It begjin fan harren karriêren is net te ferlykjen. Patrick is út oertsjûging assistint-skiedsrjochter wurden. Syn heit besocht it earst as
70 fluter. Under oare troch syn blessueren kaam dy karriêre net fan 'e grûn. Dêrnei, yn 1998 wie dat, besleat Adriaan om syn baan as bussjauffeur te ferruiljen foar dy fan
75 assistint-skiedsrjochter. "Eins is skiedsrjochterjen moaier", seit er

earlik. “Wolst it spul liede. Mar assistearje past better by myn karakter. Ik bin net in man dy’t foar oan hoecht te stean, mar oan de sydline hast ek in soad ferantwurdlikheid. Ik miste doedestiids de útstrieling om troch te brekken as skiedsrjochter.”

85 **(6)** Dat is by mear Friezen it gefal, neffens Adriaan. “Friezen dogge it goed yn in feilige omjouwing. Wy misse de prestaasjedriuw fan de minsken út it Westen. Mar ik haw as assistint in prachtige karriêre hân en sjoch noris hoe goed oft Erwin Zeinstra, út Dronryp, it docht. De finale fan it jongerein-WK yn Meksiko krigest net samar. Hessel Steegstra en Mario Diks dogge ek goed wurk.”

90 **(7)** “It fak is feroare”, seit Adriaan. “Dát al yn it foarste plak: it is in fak wurden no’t der ynvestearre wurdt yn de oplieding fan assistinten. Ik bin der foar de KNVB sechstjin oeren yn ’e wike mei dwaande. Ek foar de UEFA jou ik kursussen oan talintfolle assistint-skiedsrjochters. Fierder is de persoanlike begelieding folle profesjoneler. By Patrick wurdt bygelyks alle wiken sjoen oft er wol fit genôch is.” De druk is ek tanommen. “Minsken binne kritysker wurden, fuotballers dus ek. It fluitsje, it gesach, wurdt hieltyd minder maklik akseptearre. En alles dat tsjintwurdich op it fjild bart, wurdt yn fjouwer- of fiiffâld registrearre.”

105 **(8)** Adriaan (83 ynternasjonale duels) sjocht werom op syn ôfskiedswedstriid, Roda-Feyenoord. “Malki yn duel mei twa fan Feyenoord, Pieter Vink, de skiedsrjochter, en ik sjogge neat, dus kin der gjin strafskop jûn

120 wurde. Neitiid docht út it safolste kamerastânpunt bliken dat Malki oantikke waard. Dan is Pieter de earste dy’t tajout dat er it by de ferkearde ein hie.” It is wis bard dat Inia it smoar yn hie nei in wedstriid. “Ik haw balt en tjrige om flaters en bin ek wol efter de bank krûpt as Studio Sport der foar wie.” Soks is ‘part of the job’. “Mar ik doar te sizzen dat it de lêste jierren feilleas gien is.” Letterlik oan de lêste tel ta. “Dy bal fan Roda dy’t troch Feyenoord op de doelline fuorthelle waard. Gjín goal, sei ik fuort en de bylden joegen my gelyk.”

135 **(9)** Der wurdt te maklik skolden op de assistinten, fynt Inia, dy’t by distrikt Noard tweintich oeren yn ’e wike dwaande is mei de oanstellingen fan amateurskiedsrjochters. “In bûtensteander kin him hast net yntinke hoe dreech as ús wurk is. As dan út ûndersyk bliken docht dat op it EK 96,7 prosint fan de beslissingen fan de grinsrjochters korrekt wie, dan is dat dochs prachtich? Mar ja, oer dy 3,3 prosint wurdt eamele. Dat is ús lot. Mar flaters meitsje heart by minskewurk. Spilers meitsje ek flaters.”

145 **(10)** Hy pleitet foar it gebrûk fan mear technyske helpmiddels. Net allinnich foar it yn ’e rekken hâlden fan de doellinen, mar ek foar it bestudearjen fan televyzjeblyden nei in diskutabel momint. As net hielendal dúdlik is wat der krekt te rêden wie. “By hockey, rugby en tennis kin dat ek.” Patrick Inia: “It soe goed wêze foar it fuotbal.” Adriaan Inia: “It is net tsjin te hâlden.”

naar: Peter van der Meeren, Leeuwarder Courant, 16 maart 2013

Hielendal Rens

(1) “Wou!” seit se as se foar it nije museumkafee Thús yn Ljouwert stiet. Rens Kroes (25), swartlearen jaske, hip huodsje, juten taske en in swarte trolley as bagaazje, eaget geniet-sjend it Saailân oer. It strak boude Fries Museum, it wrimeljende folk op de freedsmark, de apparteminten en de winkels: se fynt it allegear like moai. Earlik sein hie se ynearsten gjin spoen betrouwen yn de stedske bouplannen. Dat plein soenen se allinne mar bedjerre mei dy loffytsjerij. Mar no’t se it resultaat foar it earst mei eigen eagen sjocht, seit se: “Ik fyn it fantastysk.”

(2) Der steane in protte biologyske gerjochten en drankjes op de menukaart fan kafee Thús en dêrmei skoarst punten by Rens. Want iten en drinken, dat is har breawinning en - toe dan mar - har passy. “Ik bin der bot mei dwaande, wit der in hiel soad oer. Sûn libje? Dat is in trijehoek fan iten, bewege en ûntspanne”, leit se út. It giet om de balâns.

(3) Rens, dy’t tsjintwurdich yn Amsterdam-West wennet, begeliedt minsken dy’t ôffalle wolle, ûnder oare fotomodellen. Sy wurket yn de Nederlandse Obesitas Kliniek yn Hilversum. Dêr bringt se jonge froulju dy’t te dik binne lichaaamlik en geastlik wer yn beweging. Neam Rens Kroes mar gewoan ‘life coach’¹⁾. “Ik besykje altyd binning mei dy fammen te krijen. En dat slagget: ik hear dat se harren by my thús fiele.” De lêste tiid is se ek online aktyf mei in weblog oer sûn iten en drinken. “Ik haw dêrmei wachte oant ik der wis fan wie dat ik der genôch

oer wist.” Kroes publisearret oer sûne gerjochten en jout tips oer in lykwichtige libbensstyl. It is in súkses: publyk en parse pikke har boadskip goed op. “Se dûke der boppe-op.”

(4) Minsken mei obesitas wrakselje faak mei psychyske problemen. Se makket it alle dagen wer mei yn har wurk. Goed iten kin in part fan de oplossing wêze. Rens leaut yn de heilsame wurking dêrfan. Fol oertsjûging: “Iten is sa belangryk! Mei fitaminen, mineralen en goede grienten kinst sels in depresje oplosse.”

(5) Rens is ek it jongere suske fan Doutzen Kroes. En ja, minsken freegje har faak hoe’t it no is as dyn suster in wrâldferneamd fotomodel is. “It is hiel gewoan”, antwurdet Rens dan geduldich. “Ik bin yn har ûntwikkeling meigroeid, krekt sa’t Doutzen meigroeid is mei mynt.” It súkses fan Doutzen striedet wol op har ôf. Realistysk: “It hat wol in positive ynfloed op myn karriêre. Sy hat in soad kontakten en ik ek. Wy stypje elkoar wêr’t wy kinne en binne hiel grutsk op elkoar. Mar wy hawwe ek noch wolris spul, hear. Dat bliuwt.”

(6) Rens libbet net yn it skaad fan har suster, se fangt har eigen ljocht. Rens hat dan ek in hiel oare dream: trochbrekke as muzikant. “Muzyk sit hiel djip yn myn hert.” In coverband, Kroes Control, wie har earste projekt. No wurket se as ‘singer-songwriter’ fierder oan har muzikale karriêre. Se skriuwt en komponearret, stjoert demo’s nei produsinten en treedt op. Sy hat krekt in nûmer opnommen mei

85 har sweager Sunnery, in ferneamd dj.
“It wie in ballade, mar hy hat der in
housenûmer fan makke. Bêst, ik bin
sljocht op house.” Har ynspiraasje?
Dy waait har altyd wol oan, be-
90 nammen as se yn Eastermar, har
berteplak, is. Dêr stiet de piano, dêr
hat se de romte.
(7) It momint fan har trochbraak komt
tichterby. Dêr is se wis fan. De
95 belangstelling foar har melodieuze,
souleftige ferskes is grut. Har talint
ripet, har repertoire groeit. Mar dochs
is it raar: sy skytskoarret noch altyd
tsjin de lêste grutte stap oan. Rens
100 doart har noch krekt net iepen te
stellen foar it grutte publyk. Sy is in
perfeksjonist. Dat is fansels in moaie
eigenskip, mar dy sit har bytiden ek
dwers. Rens hinget it rip altiten sa
105 heech, dat se der krekt net by kin.
Want it kin altiten better en it wurk
moat perfekt wêze. Se hat dêrom it
leafst minsken om har hinne dy’t har
krytyk jouwe. “Dêrfoar moast bytiden
110 bûten de famylje profs opsykje dy’t
dy prikelfe. Famylje en freonen fine
alles moai.” Unwissens past oars
hielendal net by har aard, mar as it

om muzyk giet, fielt se har kwetsber.
115 “Muzyk giet om gefoel. Ik wol
emoasjes oerbringe, oft dat no fertriet
of lok is.”
(8) Njoggentjin wie se doe’t se
Eastermar ynruile foar New York.
120 Dryst fleach Rens nei de wrâldstêd
om dêr te studearjen en de Ingelske
taal folslein yn har delgean te litten.
Doutzen wennet ek yn New York en
brocht har suske yn ’e kunde mei
125 nijsgjirrige minsken: keunstners,
muzikanten, filmmakkers. Se hawwe
tegearre nei moaie feesten ta west.
Echt lokkich wie Rens der net. Nei
oardel jier gie se op hûs oan en socht
130 se plak yn Amsterdam om in diploma
te heljen. Se studearre sosjaal
pedagogyske helpferliening oan de
hegeskoalle yn de haadstêd. Wie de
missy yn New York dan mislearre?
135 Grif net. Sy fûn de leafde dêr yn de
persoan fan har freon Sidick út
Ivoarkust.
(9) Binnen trije jier wol Rens Kroes
skitterje op it poadium fan Paradiso
140 of de Heineken Music Hall. Se sil it
oprêde, seit se. Op eigen krêft.
“Moatst dyn dreamen wiermeitsje.”

naar: Rixt Oenema, Leeuwarder Courant, 6 april 2013

noot 1 In life coach is immen dy’t oaren helpt by persoanlike ûntwikkeling en it beheljen fan
persoanlike doelen.

Revolúsje yn de stasjonsstalling

Troch in proef yn Zutphen kin oeral yn Nederlân it probleem fan in grôtfolle fytsestalling op stasjons oanpakt wurde.

(1) Wa't no op 'e fyts nei it stasjon ta giet, wurdt slim pleage. De fyts fatsoenlik teplak sette is hast net te dwaan. It oantal stallingsplakken is
5 ûnfoldwaande. Rekkenje mar ris mei: alle dagen reizgje 1,2 miljoen minsken mei de trein. Sa'n 40 prosint giet op 'e fyts nei it stasjon ta. Nochris 15 prosint nimt nei oankomst
10 op de bestimming de fyts út de stalling wei om nei skoalle of nei it wurk ta te gean.

(2) Dy sifers rjochtfeardigje al gau 500.000 fytsplakken, mar neffens
15 ProRail¹⁾ binne der oer it hiele lân byelkoar mar 400.000 fan dy plakken. Dêr wer in grut part fan, sa'n 20 à 30 prosint, wurdt ynnommen troch saneamde weesfytsen: fytsen dy't
20 noait wer ophelle wurde. Om dat probleem út 'e wei te helpen, is al in protte ûndersyk dien. It grutste obstakel foar de oplossingen is dan it jild: de oanpak kostet benammen in
25 protte ynset fan minsken en dy is djoer.

(3) In suksesfol projekt yn Zutphen mei in elektroanysk systeem kin lykwols ta in ommekear liede, hopet
30 ProRail. It systeem kin weesfytsen lokalisearje en wiist fytsers tagelyk de lege plakken oan. Yn in grut tal stêden wurde auto's sa al nei parkearrumten loadst. "In grutte
35 stalling, dy't foar 90 prosint fol stiet, liket foar in argeleaze fytser al gau hielendal fol, benammen as er hastich is en it net oan tiid hat om in plakje foar de fyts te sykjen", seit

40 Jouke Schaafsma fan ProRail. "De elektroanika stjoert him lykwols sûnder flaters nei de frije plakken." Boppedat kin it opsykjen fan weesfytsen goed nijs wêze foar
45 minsken dy't dupearre binne troch stellerij. Want meastal binne it stellen fytsen dy't op stasjons stean bliuwe.

(4) Ut de proef op it stasjon fan Zutphen die bliken dat der fan de
50 3500 plakken hast tûzen beset wienen troch weesfytsen. Doe't dy út de stalling helle waarden, joech dat wer gâns romte. Sa'n soarte fan eksperimint smiet yn Grins en Utrecht
55 neat op, om't de technyk it dêr ôfwitte liet. It hipt nochal nau. Fansels moat de technyk goed wurkje, mar it behear fan de stalling is ek fan belang. De fytsen moatte krekt sa yn
60 de klemmen stean om de elektroanika te aktivearjen. "Der moat dus sa no en dan ien by de rekken lâns rinne om te sjen oft de fytsen goed steane", seit Schaafsma.

65 "Minskewurk, mar lang net sa yntinsyf en dus kostber as it hânjittich labeljen fan fytsen sa't dat no yn guon stallingen dien wurdt."

(5) Neffens Schaafsma is sa'n
70 stalling in politike kar. "Zutphen fynt it wichtich dat de stasjonsomjouwing der kreas útsjocht en dat minsken harren fyts dêr goed delsette kinne. Sels sa, dat it brûken fan de stalling
75 mei tafersjoch de earste tsien dagen fergees is."

(6) ProRail mient dat yn Zutphen ek noch in protte jild útsparre wurdt.

Troch it trasearjen fan de weesfytsen
80 komme der in protte parkearplakken
frij en hoecht de gemeente net in nij
fytsparkearplak te bouwen. Dat soe
in ynvestearring fan likernôch ien
miljoen euro wêze.
85 **(7)** In besteande stalling ombouwe en
geskikt meitsje foar in elektroanysk

systeem is frijwat goedkeaper:
trochinoar € 100,- it plak. Yn Zutphen
binne 3500 fytsparkearplakken, dat is
90 dus in ynvestearring fan € 350.000,-.
ProRail hopet mear gemeenten oer
de streek te lûken: Leiden en
Nijmegen binne ek ynteressearre.

naar: Louis Westhof, Leeuwarder Courant, 2 februari 2013

noot 1 ProRail is ferantwurdlik foar it spoar yn Nederlân.

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.